

Bêste Tony,

Ho, dêr begjint it al, want at wy yn de begjinjierren fan ús mienskiplik aventoer elkoar in brief stjoerden, dan hiene wy al problemen mei de oanhef ('bêste'), en seker ek mei it brûken fan de foarnamme. It wie gewoan 'Meijering', en in oanhef mei allinne 'Feitsma' krige ik – genderbepaald –, net sa maklik út 'e pinne, dat dy gie ik út 'e wei. Alhiel mijden wy de fertroulike foarm fan it persoanlik foarnamwurd fan de twadde persoan. Jierren lang wie it net 'do' mar 'jo'. Dat wie de Frysk noarm, seisto altiten, mar it hong faaks ek wol wat mei dyn (en myn?) karakter gear. Yn it Hollânsk gie it wat makliker. Dêr wie it 'jij' en in inkelde kear sels de foarnamme. Pyt-Jon Sikkema hat yn dy dagen ris opmurken dat krekt yn de stúdzjerjochting Frysk mei de modernste oanpak, it taalgebrûk fan de beide dosinten sa formeel âlderwetsk wie.

Dat liket allegearre wat yngewikkeld, mar de praktyk foel ta, want wy stjoerden elkoar koarte notysjes, of kanttekeningen by ús stikken, en dan hoegden wy de foarm net sa yn acht te nimmen. Boppedat wie dyn favorite medium de telefoan (e-mail wie der yn 'e begjintiid noch net). Ik wit noch datsto yn de tariedingsfase fan dyn proefskrift dyn promotor, Van Coetsem, ris skille hiest en dêrby net mei it tiidsferskil tusken Europa en Amearika rekken hâlden hiest. Dat kin eltsenien barre, mar ek op mikronivo, yn binnenlânske petearen, hiesto gjin besef fan "uwre" en stuwne". Telefoantsjes nei 23 oere wiene earder regel as útsûndering en soms giene dy troch oant nei middernacht. Dat der talige signalen besteane om oan te jaan dat it petear wol ôfsletten wurde kin, dat wie dy ûntgien.

Fandatoangeande is in brief folle makliker. Ik as skriuwer soe dat brief opstelle kinne op in stuit dat it my past, en do as ûntfangster soest de oanstriid om my tsjin te sprekken wol net ûnderdrukke kinne, mar do hiest dochs net by steat west om my dyn krityske kommintaar fuortdaliks witte te litten. Ik bin der wis fan dat de ynhâld fan dit brief doedestiids ta in heftige mûnlinge diskusje laat hie. Mar oars as yn in (telefoan)petear kin men yn in brief de krityske distânsje bewarje, en dat is no rêstich, en hie it doe tusken ús beiden grif ek west.

Ik haw dizze anekdoate fiif jier lyn yn de routsjinst yn 'e Fermanje al ferteld en at it my net mist by dyn tachtigste jierdei ek al, mar dy typearret de sitewaasje sa goed dat ik him ek no net foar my hâlde wol. By alle ferskil yn karakter wiene wy fan begjin ôf oan in goed team, dat mei ik dochs wol sizze? Sa goed dat wy jierren lyn it foar wierskynlik hâlden dat by ferstjerren fan de ien de oare de betinkingrede útsprekke soe (do fernimst it, wy tochten foarút). Ik murk op dat sjoen it ferskil yn jierren tusken ús dy taak my wol takomme soe. "Spitich, dan kin ik it net hearre", wie dyn kommintaar. "O, gjin probleem", wie myn antwurd, "do krijst myn ferhaal yn it foar wol te lêzen, dan kinst ek noch kommintaar jaan." "Moai, mar dan wol ik datsto dat kommintaar ek foarlêst". Sa fier is it net kommen, mar it hie my net fernuvere asto by ien fan myn lêste besites foar dyn fertsjerren my moanne hiest: "Siz, dy taspraak fan dy, komt der noch wat fan?"

Mar by alle irony, fan sa'n diskusje hâlde ik wol. Ik haw in soad fan dy leard, bygelyks om konsekwint rasjoneel te riddenearden. Do koest relativearje, dy ûnbefangen yn oarmans stânpunt ferdjipje. Der wie lykwols ien terrein dêr't dat net mooglik wie: by alles wat de posysje fan it Frysk rekke, wiesto ûnwrikber: Under alle omstannigheden moast men jin fan dy taal betsjinje. It stiet my noch by dat ik foar mysels ris it rjocht om myn eigen memmetaal te brûken opeaske hie, ek yn Fryslân. De iennichste taal dy't ik

thús hearde wie it standert Hollânsk. Us heit en dy moatte yn har jonge jierren in Grinslanner dialekt kend ha, mar ik ha it har noait praten heard, sels net by famylje yn Grinslân. Do ûntstriedst my myn hollando-sintryske stânpunt. Do giest sels noch fierder: ABN wie hielendal net in taal. “Echte” taal fynt men yn de streektalen. Blykber hiesto net allinne taalhistoaryske belangstelling foar Grimm, do fieldest dy op dat stik ek mei him besibbe.

Seker yn ús begjinperioade, de jierren nei 1968, lieten wy elkoar standert ús teksten lêze, bygelyks artikels of saaklike brieven. Do foarseachst net allinne myn konseptteksten fan wiidweidich kritysk kommintaar, mar do ferwachttest dat omkeard ek. Do wiest suver teloarsteld datsto dyn tekst weromkrigest mei allinne in pear krabbels. Do hast my leard om om te gean mei krityk. Dat wie dy trouwens wol tabetroud! Wol wie der soms praat fan in sekere overkill. Do hiest wolris oanstriid om myn teksten op ‘en nij te skriuwen, en o wee wannear’t der taalideologyske ketterijen ynstiene. Dyn krityk koe wolris wat ûntmoedigjend wêze. Letter waard dat better en ik wit net iens oft dat no wol oan my lei. In jier as tolve lyn fertelde ik thús ris datsto fol lof oer in artikel fan my wiest. De reaksje fan Annet wie winliken alhiel yn dyn geast:”Och ja, Tony wurdt âld!”

Ik sil it no net ha oer ús earste jierren oan ‘e VU. Dat dat foar ús gouden jierren wiene, is genôch bekend. Wy hiene de tiid en it universitêre klimaat mei. Wy hiene in hechte gearwurking, mar echt persoanlik befreone wiene wy net (ik doar dat no wol te sizzen). It hie wat fan in ferstânshoulik, mar soks hoecht net in min houlik te wêzen. Wy ha noait oer ús manier fan mei elkoar oparbeidzjen reflektarre, yn alle gefallen net mei elkoar. It meast eksplisyt wie noch in opmerking dysto in pear jier foar dyn dea makkest, en dat bedoeldest do leau ik ek as in komplimint foar my: “Wannear’t in stúdzjerjochting har konflikten yntern ôfhannelje kin, dan is dat de helte fan har súkses”.

Nei ús oraasjes yn 1978 waarden der priizgjende wurden te hearren. Dick Schenkeveld, de rektor op dat stuit, typearre ús wat ús manier fan wurkjen oanbelanget as in twilling. Dy útspraak sil wol net alhiel sûnder irony west ha, mar se wie yn dy tiid wol wier. Op ‘en doer waard dat twillingskip foar my wolris wat drukkend. Sa geandewei hie ik der ferlet fan om my wat fan dy los te meitsjen, sawol yn formele funksjes as yn myn wittenskiplike belangstelling. Mar ús ûnderlinge wurdearring bleau, waard faaks wol sterker. At ik no sizze soe dat ik dy suver elke dei noch mis, dan soesto sa’n útspraak as te persoanlik en faaks wol wat sentimenteel ôfwize. Mar ik skriuw dy wurden dochs op. Dizze kear haw ik it lêste wurd!

*Henk Meijering*